



Kritenijs

Nijsbrief Krite Grou – juny 2018

Dit is de earste digitale nijsbrief dy't jim as leden fan de Krite tastjoerd krije. Dêryn in foarpriuweke fan it Krite-program foar it kommende winterskoft. Jim hoege Grou amper út om fan ús rike Fryske kultuer te genietsjen. Net om 'e nocht is ús biedwurd 'Kultuer tichtby hûs'. It definitive programma krijt elk ein july-begjin augustus yn de bus. Op ús webside www.kritegrou.nl kinne jim alle ynformaasje fine as it safier is. Folgje ús ek op Facebook <https://www.facebook.com/kritegrou/>.

Wat kinne jim it kommende Kriteseizoen ferwachtsje?

Ernst Daniël Smid & Bartho Braat – 'n Zomer zonder vrouw... in Grou



Yn gearwurking mei FFF is it slagge om dizze tragikomeedzje nei Grou te heljen as ûnderdiel fan Grouster Merke. It stik giet oer twa echtpearen dy't alle jierren meielkoar op fakânsje nei Grou gean. Mar..... no binne de froulju der net mear by.

Freed 7 septimber 2018 yn sporthal De Twine

!!De kaartferkeap foar FFF- en Krite-leden by de Mitra start al op 19 juny!!

Tagong: foar Kriteleden en FFF-leden foar € 12,50 by de Mitra (dêr leit in ledelist)
Net-leden foar € 15,- fia www.fffgrou.nl. Mear ynformaasje op www.fffgrou.nl.

Jiergearkomste en muzykjûn mei Volk!

We begjinne de jûn mei de jiergearkomste foar ús leden, mar krekt as foarich jier binne nei it skoft ek net-leden tige wolkom. Us eigen Grouster band *Volk!* spilet dan foar ús.

Freed 28 septimber 2018 by Oer 't Hout



Tryater – Doarp Europa

Nei jierren fan ôfwêzichheid ûntfange we ús Fryske teaterselskip Tryater wer yn Grou. Tryater siket yn syn nije reisfoarstelling *Doarp Europa* mei in grutte groep fan spilers, muzikanten en dûnsers nei de ferhalen fan it Europeeske plattelân.

Doarp Europa sil op ferskate wizen foar it fuotljocht brocht wurde: yn húskeamers en op in grutte lokaasje. It moaiste is om earst de húskeamerfersy te besykjen en dêrnei de foarstelling op lokaasje.

Doarp Europa yn de húskeamer

De húskeamerfersy fan *Doarp Europa* wurdt in yntime foarstelling mei maksimaal 3 spilers (in akteur, in muzikant en in dûnser). Op ien jûn wurde 2 thúsfoarstellingen tagelyk jûn.
woansdei 3 oktober 2018 by:

- Peter van den Broek, De Foarplecht 3
- Fraukje Bruggink, Hoofdstraat 31

De kaartferkeap foar de húskeamerfoarstellingen sil fia Tryater rinne (fan 1 septimber ôf).

Doarp Europa by Van Vuuren Deuren

Foar de grutte foarstelling fan Doarp Europa socht Tryater in yndustriële lokaasje dy't in bân hat mei it doarp. It waard Van Vuuren Deuren en we krigen dêr alle meiwurking. Fanwege de sintrale lizzing fan Grou komme der by Van Vuuren twa foarstellingen fan *Doarp Europa*, ien op sneontejûn en ien op sneintemiddei.

Sneon 20 en snein 21 oktober 2018 by Van Vuuren Deuren

Film – Amama

As Krite wolle we graach in spylfilm yn ús programma opnimme. Yn gearwurking mei it EBLT, it Europeesk Buro foar Lytse Talen, is it slagge om de sfearfolle Baskyske spylfilm *Amama* (beppe) nei Grou te heljen. *Amama* giet oer in generaasje- en opfolgingskonflikt yn in Baskyske boerefamylje. In tematyk dy't ek foar it Fryske plattelân werkenber is.

Freed 16 novimber 2018 by Hotel Oostergoo



Hymphamp Jeugdteater – Tante Jellebel

Kultuer is der net allinnich foar grutten. Foar de basisskoallebern bringt it Hymphamp Theater út De Rottefalle yn de krystfakânsje twa (meartalige) foarstellingen fan elk sa'n 45 minuten oer Tante Jellebel.



Foar de ûnderbou (groep 1 o/m 4):

Tante Jellebel's toetje

Oer in toetjeswedstriid, de ko Klaartje en tante Jellebel

Foar de boppebou (groep 5 o/m 8):

Tante Jellebel en it jubileumfeest

Oer disko, dj fireball, pankoeken, taart en ferkearing.

Freed 28 desimber 2018 by Hotel Oostergoo

Grouster Kritetoaniel – mear ynformaasje folget

Nei it sukses fan foarich jier, mei in earste priis yn klasse C, stiet it Kritetoaniel dit jier fansels wer foar jim op de planken. It stik is op dit stuit noch net bekend, mar de spyldata kinne fêst yn jim bûsboekje. Dizze kear ek op sneintemiddei.



Freed 18, sneon 19 en snein 20 jannewaris 2019 by restaurant Oan 't Wetter



Pier21 (Jan Arendz en Joke Tjalsma) – It wie op in simmerjûn


De foarstelling lit fjouwer minsken sjen dy't plannen meitsje foar de rest fan har libben. Mar dat libben giet somtiden syn eigen gong ... Betûfte akteurs Jan Arendz en Joke Tjalsma spylje sawol it jonge as it âlde stel. Sy steane foar it earst tegearre op it poadium yn dit nije stik fan Bouke Oldenhof. De rezjy is yn de fertroude hannen fan Jos Thie.

Freed 8 maart 2019 by OSG Sevenwolden

Marcel Smit & Gerbrich van Dekken - Kofjekonsert



Marcel Smit en Gerbrich van Dekken binne ûnder oaren bekend fan it Frysk Sjongers Gala yn De Lawei. Gerbrich har band 'It Grutte Guod' soarget foar de muzikale begelieding. Wy ûntfange se graach yn Grou foar in bysûnder kofjekonsert op sneintemoarn.



Snein 7 april 2019 yn It Teehûs

Mear ynformaasje folget

Dizze nijsbrief giet allinnich nei de leden dêr't we in mailadres fan hawwe. Guon moatte dat noch oan ús trochjaan en guon hawwe gjin mail. Ein july-begjin augustus krijt elk it nije Kriteprogramma yn de bus. Dêryn mear ynformaasje oer de foarstellingen, begjintiden en tagongsprizen. Hâld ek ús webside yn de gaten. Ein july stiet it nije programma derop.

De kaartferkeap fan de Krite (en Tryater) begjint 1 septimber by Jan&Japke, fia de webside of telefoanysk, dy foar *Zonder vrouw in Grou.....* op 19 juny by de Mitra (foar leden) en fia de webside fan FFF.

Graach oant sjen op ús foarstellingen!
Bestjoer Krite Grou

Privacywetjouwing

Op 25 maaie is de *Algemene feroarderding gegevensbeskerming* fan krêft wurden. Dat betsjut dat oeral yn de Europeeske Uny no deselde privacy-wetjouwing jildt. Jo kinne de privacyferklearring fan Krite Grou fine op ús webside ûnder de knop 'lid wurde?'. It seit himsels dat wy tige soarchfâldich mei jo persoansgegevens omgeane.

Mochten jo gjin nijsbrieven fan de Krite mear ûntfange wolle, dan kinne jo ús dat witte litte troch in mailsje nei info@kritegrou.nl.